



K O N I N K L I J K E N E D E R L A N D S E
A K A D E M I E V A N W E T E N S C H A P P E N

[Review of: H. Bloemhoff (1994) Stellingwarfs woordenboek. Deel 2. F - K.]

van der Kuip, F.J.

published in

It Beaken

1995

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

van der Kuip, F. J. (1995). [Review of: H. Bloemhoff (1994) Stellingwarfs woordenboek. Deel 2. F - K.]. *It Beaken*, 57(2), 127-129.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

de koarte kant neist. It streekje dat it lemma yn foarbyldsinnen oantsjut, hie om my ek wol wat langer mocht. Yn it Mooringer wurdboek wurdt yn dy gefallen in soarte fan tilde (~) brûkt. Dat is moaier. Boppedat is de spaasjerûmte om de koarte streekjes yn it Wiedingharder wurdboek wer navenant grut, dat jout rare wite plakken. De lemma's binne wol fet printe, mar se springe der net sa dúdlik út as yn it Mooringer wurdboek.

Ofslutend, nettsjinsteande myn beswieren tsjin 'e lee-out, mei it dúdlik wêze, dat ik it *Freesk Uurdebuk-Wörterbuch der Wiedingharder Mundart* nei ynhâld as in treflike fuortsetting sjoch fan 'e rige Noardfryske dialektwurdboeken.

Klaas F. van der Veen (Fryske Akademy)

Henk Bloemhoff (1994)

Stellingwarfs Woordeboek. Diel 2. F-K. Met medewerking van Sietske Bloemhoff en vele anderen. (Een uitgifte van de Stichting Stellingwarver Schrieversronte, Oosterwoolde, 843 blz., ISBN 90-6466-072-7, geb., f 60,-).

Nei sa'n fyftjin jier foarwurk en in pear jier redigearjen is no as earste it twadde diel fan it Stellingwerfsk wurdboek ferskynd. Dat net mei it earste diel begûn is, is dien út praktyske oerwagings, om't sa oansletten wurde koe by it soartgelikense oan 'e RUG útfierde projekt 'Woordenboek der Drentse dialekten'. De Stellingwerfer enkête sette earst út ein doe't se yn Drinte al fierhinne yn 'e letter B wiene. Om parallel te rinnen mei it Drintske projekt begûn it Stellingwerfske projekt net mei it ferwurkjen fan it materiaal út 'e begjinletters.

Yn 'e Stellingwerven, dy't yn 1998 in heal millennium diel útmeitsje fan Fryslân, wurdt noch altiten in Nedersaksysk dialekt sprutsen. Dy taalfariant sil earder grif ynfloeden ûnderfûn hawwe fan de oanswettende (streek)talen Drintsk, Oeriselsk en Frysk, hjoeddedei sil er lykas as alle streektalen ûnder grutte druk fan 'e rykstaal stean. Dy grutte druk is by ditsoarte projekten faak bepalend foar de doelstelling fan it ûndersyk, nammentlik, sa lang as it noch kin, op wittenskiplike wize fêstlizze wat der is en wie. Dat soe men reservatisme neame kinne. Bloemhoff wol lykwols ek noch in taalpolitike stap sette. In wichtige doelstelling fan it wurdboek is nammentlik ek 'een naslagwerk te zijn ten behoeve van het actief gebruik van het Stellingwerfs in onder meer literatuur, pers en onderwijs' (s. 7).

Fan 1974 ôf hat Henk Bloemhoff materiaal sammele en ûndersyk dien, fan 1983 ôf mei meiwurking fan syn suster Sietske Bloemhoff. It measte materiaal is oanlevere troch in grut tal ynformanten. Ut elk fan 'e fiifentweintich oanbelangjende doarpen komme op syn minst trije, mar trochstrings fiif of mear. Dy ynformanten binne sawol mûnling as skriftlik enketearre. Fierders binne Stellingwerfske teksten ekserpearre en is op grûn fan in tal teksten in foech taaldatabankje makke. Sietske Bloemhoff hat ek noch faktaalûndersyk dien. Alderlêst is oan taalútbou dien, dat fanwegen de taalpolitike doelstelling. Mei help van *Van Dale* as saneamde checklist hat Bloemhoff in list mei gewoane en resinte wurden en ferbiningen dy't noch net yn 'e materiaalsamling sieten, opsteld en oan guon fan syn ynformanten foarlein. Der waard in kommisje fan redaksjoneel tafersjoch en in rie fan advys ynsteld en yn 1991 koe de redigearfaze út ein sette.

Kwa opset sit it wurdboek earne tusken it WNT of WFT oan 'e iene kant en de *Van Dale* oan 'e oare kant. Dêrnei is fuort sein dat de semantyk yn dit alfabetysk oardere wurdboek sintraal stiet. Oan de betsjutting(en) fan 'e wurden giet lykwols de saneamde kop fan it wurdboekartikel foarôf.

Nei it yngongslemma komt, foarsafier fan tapassing, in geografyske oantsjutting. Dêrnei kin in minder frekwinte fariant mei geografyske oantsjutting folgje. Ek wurde hjir synonimen ûnderbrocht, in wat ûngebrûklrike mar wol te ferantwurdzjen wurkwiize: 'Niet zelden zijn, om praktische redenen, ook één of meer synoniemen onder een hoofdlemma opgenomen die niet als een klankvariant zijn te beschouwen' (s. 9). Dy praktyske redenen sille wol te meitsjen hawwe mei papierkrapte.

Dan komt de grammatikale ynformaasje. Dy beheint him foaral ta it wenstige neamen fan wurdsoarte en bûging. De bûging fan ûnregelmjittige en sterke tiidwurden ûntbrekt lykwols. Dy sil neffens Bloemhoff & Niebaum (1991:52) yn in aparte appendiks of wa wit in grammatika ferantwurde wurde. As reden fan net opnimmen wurdt it foar it wurdboek te grutte ferskaat oan foarmen neamd. Wat jin dan fernuveret is dat Bloemhoff by guon tiidwurden al yngiet op it plak dat dy tiidwurden hawwe kinne yn in tiidwurdkloft. Sa fernijt er ús bygelyks by 'heuren' dat 'in werkwoordsreeksen met *heuren* zelfst. ww., anders dan bij de meeste andere werkwoorden, ook aan de rechterzijde (kunnen) verschijnen' (s. 362). Men freget jin ôf wêrom't yn in wurdboek dêr't o sa mei de romte yn woekere wurdt, ynienen plak is foar de beskriuwing fan in beskaat syntaktysk ferskynsel wylst foar de bûging fan sterke tiidwurden ferwiisd wurdt nei in aparte grammatika.

Oan 'e ein fan 'e saneamde kop wurdt de fonetyske transkripsje jûn. Spitigernôch is, om finansjele redenen, ôfsjoen fan in etymologyske paragraaf (s. 5).

Oangeande de betsjuttingsomskriuwingen liket it Stellingwerfsk wurdboek mear op *Van Dale* en minder op it WNT of WFT. Yn dy grutte wurdboeken binne de betsjuttingsomskriuwingen faken de wiidweidige kant it neist en tsjinje de foarbyldsinnen as bewiisplakken foar dy omskriuwingen. Dat makket dat it wittenskiplike wurdboeken neamd wurde. It Stellingwerfsk wurdboek skaait op dit punt út nei in hânwurdboek, dêr't betsjuttingsomskriuwingen frij koart om 'e hoeke binne en de foarbyldsinnen tsjinje om in nuansearring oan dy koarte omskriuwingen te jaan. Dêrnei is lykwols net sein dat it by it gearstallen fan it Stellingwerfsk wurdboek net wittenskiplik om en ta gien wêze soe. Fansels tsjinje ek hjir de foarbyldsinnen, kreas ferantwurde mei it neamen fan 'e boarne, as bewiisplak foar wat yn de betsjuttingsomskriuwing sein wurdt. Boppedat binne de foarbyldsinnen ryklik fertsjintwurdige. Dat lêste kin sûnder mis ek sein wurde fan it figuerlike en idiomatyske taalgebrûk. It wurdboek jout in skat oan fêste ferbiningen, siswizen, sprekwurden, ja, sels folksrymkes, waarpraatsjes en oare klisjees.

Der binne noch wol wat krityske detailopmerkingen te meitsjen as men hjir en dêr ris wat omblêdet. Sa fernuveret men jin oer it romteslinende ferwiisysteem. Hiele rigen mei te ferwizen gearstallingen wurde as lemma opnommen en net behindich gearfette ta ien ferwiislemma. Sa folget nei it lemma **grens**, z. *greens* in rige lemmata dy't begjint mei **grensdorp**, z. *greensdorp* en ophâldt mei **grenswachter**, z. *greenswachter*. Al dy **grens**-wurden binne al opnommen by de **greens**-wurden. Dêr sil de brûker nei weromblêdzje om mear ynformaasje oer de ferskate wurden te finen. Hjir hie in ienfâldich lemma **grens**-, z. *greens*- folstien.

Fierders kin men jin ôffreegje wêrom't yn nochal wat lemmata dêr't mar ien betsjutting by heart, fôár de betsjuttingsomskriuwing it sifer 1 foarkomt. Men mei dan op syn minst it sifer 2 mei noch in betsjuttingskift ferwachtsje. Dat is der dan net en soks makket op jin wat in sloarderige yndruk yn in oars sa moai fersoarge bân.

Nettsjinstearde de lytse punten fan kritek kin Bloemhoff allinne mar priizge wurde. Mei in skat oan materiaal follet er op wittenskiplik ferantwurde wize in wyt plak op 'e tale- en dialektekaart fan Nederlân yn.

Frits van der Kuip (Fryske Akademy)

Literatuer

Bloemhoff, H. en Niebaum, H., 'Nedersaksische lexikografie'. Yn: *Taal en tongval*, Themanummer 4 (1991), 39-57.